

# Wat sizze de bern? (I)

## 1.1. Ynlieding

'Wolst my de sleutel even jaan?' 'Wie hat myn springtou?' Hoe faak heart men troch 'en dei net dat fryskpratende bern en folwoechsenen de hollânske wurden 'sleutel', 'wie' en 'springtou' brûke yn stee fan ús eigen fryske wurden, 'kaai', 'wa' en 'toudûnserstou'.

Wa't syn of har earen de kost jout soe folle mear fan sokke foarbylden jaan kinne.

Us Frysk wurdt aldendei oantaast troch tal fan hollânske ynslûpsels (hollannismen), wylst dat hielendal net nedich is, omdat wy ús eigen wurden hawwe. Spitigernôch wurde dy hieltiten mear ferkrongen.

As soks al mar troch giet sil der op't lêst fan ús taal net folle mear oerbliuwe as in soarte fan hollânsk dialekt.

Dat ús Frysk faken tige 'min Frysk' is hat dr. B. Sjölin fan it Frysk Ynstitút fan de Ryksuniversiteit te Grins ús koartlyn wer ris ûnder de noas wreun mei syn boekje 'Min Frysk'<sup>1)</sup>. Yn de Ljouwerter Krante hat S. J. van der Molen<sup>2)</sup> gâns omtinken jûn oan dit wichtige boekje, wylst ek D. A. Tamminga en M. J. de Haan<sup>3)</sup> der oer skreaun hawwe yn de Pompeblêden. Sjölin konstatearret yn Fryslân in tekoart oan taalsoarch foar it Frysk oer. Prof. dr. A. Feitsma falt Sjölin dêr yn by. Foar taalsoarch is mear nedich as wurdboeken, grammatika's en kursussen<sup>4)</sup>.

## 1.2. Frysk, skoallemodel en doarpsgrutte

'As wy earst mar ris 'goed en genôch' Frysk ûnderwiis hiene', sei okkerdeis immen tsjin ús. De sprekker hie gelyk, mar nimmen hat oant no ta fertelle kind, wat 'goed en genôch' Frysk ûnderwiis is en wat dêr foar nedich is. Boppedat is it mei ûnderwiis allinne net klear.

Wol is it wis dat it omtinken dat it Frysk op skoalle kriget noch altiten tige behyplik is. Op in oar plak hawwe wy dêr sifers oer jûn<sup>5)</sup>. En as it ûnderwiis wól in plakje taskikt oan it Frysk, dan is it omtinken foar de hollannismen yn it taalgebrûk fan de bern faken wer lyts<sup>6)</sup>.

Yn in ûndersyk (1976) hawwe wy skoalmodellen (ien- en twatalich ûnderwiis) ris ferlike om te sjen oft der ek ferskillen binne te finen yn taalkennis en taalgebrûk fan it Frysk by frysktalige fiifde en sechsde klassers fan it ientalich en it twatalich ûnderwiis. Dizze bern sochten wy op it frysksprekende plattelân (26 gemeenten; 80 % of mear fan de minsken praat Frysk). It persoaniel en de bern fan 22 skoallen joegen harren meiwurking.

It ûndersyk beheinde him benammen ta it probleem fan de hollannismen. Yn ús gefal it brûken fan hollânske wurden foar begripen dêr't wy *eigen* wurden hawwe. Yn algemiene sin kin sein wurde, dat it gong om it probleem fan de morfologyske ynterferinsjes<sup>7)</sup>.

Yn koart bestek hat Kr. Boelens yn 'De Pompeblêden' fan 20 aug. 1977 in skôging jûn fan dat ûndersyk<sup>8)</sup>.

Us skoallen selektearren wy neffens in bepaald systeem min ofte mear 'tafallich' (random sampling yn fazen). Wy

soargen der foar dat der fjouwer skiften (groepen, kategoryën) kamen fan ien- en twatalich ûnderwiis yn sawol lytse doarpen (oant 2000 ynwenners) as grutte plakken (2000 — 10.000 ynwenners). Alle net-frysktalige bern hellen wy út de seleksje. De fjouwer skiften seagen der sa út:

- I. Frysktalige fiifde en sechsde klassers fan ientalige skoallen op grutte plakken. (n = 117)
- II. Frysktalige fiifde en sechsde klassers fan twatalige skoallen op grutte plakken. (n = 187)
- III. Frysktalige fiifde en sechsde klassers fan ientalige skoallen op lytse doarpen. (n = 130)
- IV. Frysktalige fiifde en sechsde klassers fan twatalige skoallen op lytse doarpen. (n = 106)

## 1.3. De toets

Om nei te gean hoe't in fjirtichtal fryske en hollânske wurden foarinoar oer steane hawwe wy twa toetsen gearstald. Foar de earste toets, de Morfologyske Ynterferinsje Toets-I (M.Y.T.-I), betochten wy in tritich meiïnoar gearhingjende sintsjes (ferhaalfoarm). Yn elk sintsje komt in hollânske ynterferinsje foar en it bedrige fryske wurd.

In part fan de M.Y.T.-I:

- a: Dit wurd sis ik hast altyd as ik frysk praat.
- b: Ik wit wol wat dit wurd betsjut, mar ik sis it nooit of hast nooit.
- c: Dit wurd haw ik noch nooit fan heard. Ik ken it net.

code	kolom
1,2,3 =	
a,b,c	

19. Hy hie ek in (**dik**, **tsjok**) each.


<b>dik</b> (57)	<b>tsjok</b> (58)	44, 45
0 0 0	0 0 0	
a b c	a b c	

20. Boppedat wie syn (**noas**, **neus**) pears en opset.

<b>noas</b> (59)	<b>neus</b> (60)	46, 47
0 0 0	0 0 0	
a b c	a b c	

21. De jonges krigen in (**bak**, **beskút**) mei brune sûker.

<b>bak</b> (61)	<b>beskút</b> (62)	48, 49
0 0 0	0 0 0	
a b c	a b c	



Th. Dijkstra

22. Mem gie efkes nei de (**buren**, **buorlju**) om in pleister foar Jan.

<b>buren</b> (63)	<b>buorlju</b> (64)	50, 51
0 0 0	0 0 0	
a b c	a b c	

Neidat eltse sin foarlêzen wie moasten de bern ûnder twa of trije wurden in rûntsje swart meitsje. Under it wurd dat se hast altyd brûkten moasten se it rûntsje a foar kar nimme. By it oare wurd koe allinne mar b of c ynfolle wurde.

Yn dit artikel beheine wy ús ta in 14 pearen fan haadwurken (substantiven). Dizze haadwurden moasten foarkomme kinne yn it taalgebrûk fan bern út de hegere klassen fan de legere skoalle<sup>9</sup>).

Wy litte boppedat op dit plak it sifermateriaal fan de antwurdmoglikheden b en c wei. Allinne de a-ynfolling komt oan 'e oarder:

a. Dit wurd sis ik hast altyd as ik Frysk praat.

Op dizze (yndirekte) wize kin men dochs nijsgjirrige dingen te witten komme oer it aktive (produktive) taalgebrûk fan de fiifde en sechsde klassers fan twa skoalmodellen, dy't te finen binne op sawol lytse as grutte doarpen fan it fryskpratend plattelân.

#### 1.4. De útkomsten

Hjirûnder jouwe wy de útkomsten fan de niisneamde 14 pearen fan haadwurden.

Boppe eltse tabel stiet de sin sa as dy foarkaam yn de toets en troch de proeflieder twa of trije kear tefoaren lêzen waard.

De tabel is ûnderferdielt yn de earder neamde fjouwer skiften.

1.4.1. 'Jan soe nei syn (freon, kammeraat, friend) Klaas ta.'

	ient./ gr. (I)* n = 117		twat./ gr. (II)* n = 187		ient./ ly. (III)* n = 130		twat./ ly. (IV)* n = 106	
	n	%	n	%	n	%	n	%
freon	(10)-	8,5 %	( 14)-	7,5 %	(11)-	8,5 %	( 9)-	8,5 %
kammeraat	(32)-	27,4 %	( 26)-	13,9 %	(47)-	36,2 %	(52)-	49,1 %
friend	(73)-	62,4 %	(146)-	78,1 %	(74)-	56,9 %	(47)-	44,3 %

\* I = ientalige skoallen op grutte doarpen  
 II = twatalige skoallen op grutte doarpen  
 III = ientalige skoallen op lytse doarpen  
 IV = twatalige skoallen op lytse doarpen  
 n = tal bern

We kinne sjen, dat it wurd 'freon' sa njonkenlytsen net folle mear brûkt wurdt. It hollannisme 'friend' stiet sterk, benammen yn de grutte plakken. Yn lytse plakken mei twatalich ûnderwiis hat it wurd kammeraat in noch navenant sterke posysje; yn grutte plakken mei twatalich ûnderwiis in tige swakke.

1.4.2. 'Klaas stie foar it (rút, finster, raam) te sjen oft Jan der al oan kaam.'

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
rút	(62)-	53,0	(87)-	46,5	(77)-	59,2	(89)-	84,0
finster	(15)-	12,8	(15)-	8,0	(11)-	8,5	( 4)-	3,8
raam	(40)-	34,2	(92)-	49,2	(44)-	33,8	(14)-	13,2

Yn it algemien hat it fryske wurd 'rút' noch de sterkste posysje. 'Finster' wurdt navenant in bytsje brûkt, wylst de ynterferinsje 'raam' yn kategory II troch de helte fan de bern brûkt wurdt.

1.4.3. 'Hy gie foar de (spegel, spiegel) stean en luts mâle gesichten.'

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
spegel	(31)-	26,5	( 53)-	28,3	(44)-	33,8	(68)-	64,2
spiegel	(86)-	73,5	(135)-	72,2	(85)-	65,4	(39)-	36,8

De ynterferinsje 'spiegel' hat it yn 'e earste trije skiften wûn. It fryske wurd 'spegel' slacht allinnich noch foar master op yn 'e lytse doarpen mei twatalich ûnderwiis.

1.4.4. 'De (sleutel, kaai) fan 'e foardoar lei op 'e grûn.'

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
sleutel	(71)-	60,7	(128)-	68,4	(55)-	42,3	(36)-	34,0
kaai	(45)-	38,5	( 60)-	32,1	(75)-	57,7	(72)-	67,9

De ynterferinsje 'sleutel' wurdt it measte brûkt op 'e grutte doarpen, ek as der twatalich ûnderwiis is. Op 'e lytse doarpen kin 'kaai' it neffens ús materiaal noch krekt wat oprêde. Lytse doarpen mei twatalich ûnderwiis komme it bêste út de bus.

1.4.5. 'De (lytse poppe, baby) begûn te gûlen.'

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
lytse poppe	(56)	47,9	(46)	24,6	(48)	36,9	(48)	45,3
baby	(61)	52,1	(139)	74,3	(82)	63,1	(58)	54,7

Yn it generaal wint de ynterferinsje 'baby' — in Ingelsk wurd dat fia it hollânsk yn it Frysk ynkrongen is — it fan 'lytse poppe', ek op de lytse doarpen.

1.4.6. 'Mem rûn nei de (widze, wieg) en naam it broerke op 'e earm.'

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
widze	(4)	3,4	(13)	7,0	(13)	10,0	(8)	7,5
wieg	(112)	95,7	(173)	92,5	(117)	90,0	(97)	91,5

Dúdlik is dat it fryske 'widze' frijwol folslein ferkrongen is yn alle kategoryen troch syn hollânske rivaal. It is ien fan de slimst bedrige wurden út ús morfologyske ynterferinsje-ûndersyk.

1.4.7. 'It reinde en de kij stiene op in (rij, rige) foar de sleat.'

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
rij	(71)	60,7	(145)	77,5	(81)	62,3	(63)	59,4
rige	(47)	40,2	(43)	23,0	(49)	37,7	(45)	42,5

Ek 'rige' hat it sa te sjen net hâlde kind fan it hollânske 'rij'.

1.4.8. 'Boppedat wie syn (noas, neus) pears en opset'.

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
noas	(75)	64,0	(82)	43,9	(62)	47,7	(48)	45,3
neus	(42)	35,9	(106)	56,7	(65)	50,8	(58)	54,7

It fryske wurd 'noas' hat yn ús stekproef allinne op de grutte plakken mei ientalich ûnderwiis noch de sterkste troeven, yn 'e oare kategoryen wint it hollânske 'neus' it.

1.4.9. 'De jonges krigen in (bak, beskút) mei brune sûker.'

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
bak	(11)	9,4	(18)	9,4	(20)	15,4	(27)	25,5
beskút	(104)	88,9	(167)	89,3	(109)	83,8	(81)	76,4

Fral yn 'e gruttere plakken is it moaie fryske wurd 'bak' hast hielendal ferdwûn út it spraakgebrûk om plak te meitsjen foar in ynslûpsel mei in wat fryske lûding.

1.4.10. 'Us mem gie efkes nei de (buren, buorlju) om in pleister foar Jan'.

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
buren	(63)	53,8	(136)	72,7	(52)	40,0	(46)	43,4
buorlju	(50)	42,7	(46)	24,6	(78)	60,0	(60)	56,6

It hollânske 'buren' hat de oerhân yn de grutte plakken, ek as der twatalich ûnderwiis is (vgl. kat. II), wylst it fryske 'buorlju' it noch krekt wat hâlde kin op de lytse doarpen.

1.4.11. 'Der fleach in (skries, grutto) oer it lân.'

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
skries	(74)	63,2	(137)	73,3	(84)	64,6	(84)	79,2
grutto	(43)	36,8	(52)	27,8	(42)	32,3	(22)	20,8

Fan hûs út fryskspratende bern hearre of sjogge blykber sa faak it wurd 'grutto' (de hollânsktalige biologyske mei hollânsktalige boekjes??), dat it it wurd 'skries' nei it libben begjint te stean.

Op lytse doarpen mei twatalich ûnderwiis is de situaasje noch it minst ûngeunstich. Dochs praat ien/tiifde fan de fryskspratende bern dêr ek al fan 'grutto'.

1.4.12. 'Yn (mei, maaie) is it ferbean om aaien te sykjen'.

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
mei	(27)	23,1	(91)	48,7	(43)	33,1	(44)	41,5
maaie	(90)	76,9	(97)	51,9	(88)	67,7	(62)	58,5

Eigenaardich is dat op de doarpen mei twatalich ûnderwiis it hollannisme 'mei' sterker liket te stean as op doarpen mei ientalich ûnderwiis. It tal bern dat 'maaie' net mear brûkt is al tige grut.

Ek de skoalle sil syn bydrage leverje ta it automatisearjen



Sytze T. Hiemstra

fan 'mei'. Soene de moannen fan it jier wolris yn goed Frysk oanleard wurde?

1.4.13. 'Dan moatte wy mar nei (muoike, tante) Gryt om jild', sei Klaas.

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
muoike	(20)	17,1	(15)	8,0	(17)	13,1	(24)	22,6
tante	(93)	79,5	(171)	91,4	(116)	89,2	(88)	83,0

De posysje fan it hollannisme 'tante' begjint wat te lykjen op dy fan 'wieg'. In lyts keppeltsje bern brûkt noch it wurd 'muoike'. Noch wol it meast op doarpen mei twatalich ûnderwiis.

1.4.14. 'Hja wennet neist de (tandarts, toskedokter).'

	I		II		III		IV	
	n	%	n	%	n	%	n	%
tandarts	(109)	93,2	(173)	92,5	(126)	96,9	(92)	86,8
toskedokter	(9)	7,7	(13)	7,0	(4)	3,1	(14)	13,2

Yn stee fan it fryske 'toskedokter' wurdt frijwol altiten troch de bern it hollannisme brûkt. Ek twatalich ûnderwiis kin — mei de wenstige didaktyk, of faaks it ûntbrekken dêrfan — dêr mar in bytsje oan feroarje.

### 1.5. Kin de skoalle wat dwaan?

De konklúzje út it boppesteande leit foar de hân. Tal fan goede fryske wurden kinne it net (langer) bolwurkje. Ien fan de oarsaken is dat it ûnderwiis te min (taal-)soarch besteget oan it Frysk. Mei in oerke (frysk) lêzen yn 'e wike is it perfoast net klear. Dêrby komt ek noch, dat it Frysk fan tal fan ûnderwizers gjin sprekken lije kin. Kennisse fan goede en motivearjende didaktyske wurkfoarmen is wichtich, mar net genôch. Earst as in weroplieding yn dat tekoart foarsjen kin, is in grûnslach lein om de fersutering fan it Frysk op te kearen. It is in goede saak, dat yn it twadde jier dat de applikaasje-kursus Frysk úteinset, mear omtinken jûn wurde sil oan de taalkant.

'Wêrom jin sa yn te spannen foar it Frysk', hawwe somlike minsken har wol ris yn fernuvering ôffrege. 'It bliuwt der ommers wol'. Soks is in fersin en dêr moat men jin fan bewust wêze.

Gjin taal kin bestean bliuwe (ek it hollânsk net) sûnder in goede taalsoarch, sawol yn as bûten it ûnderwiis. Dêrom moatte de njoggen opmerkings, dy't Kr. Boelens makket oan de ein fan syn artikel 'Skoalmodellen fergelike op útkomsten fan Frysk ûnderwiis', yn 'De Pompeblêden'

fan 20 aug. 1977 (bls. 134) tige it omtinken hawwe yn Fryslân.

In bettere taalplanning yn en bûten it ûnderwiis is driuwend ferlet fan.

Alle ûnderwizers sille yn Fryslân it Frysk op kultuertaal-nivo behearskje moatte. Se moatte it skriuwe kinne en se sille wach wêze moatte as it giet om de taalsuverens.

As net alle ûnderwizers it Frysk behearskje, kin it brûken fan it Frysk as fiertaal nea fan de grûn komme en isolearje wy de taal (as fak) op in eilantsje (in oerke yn 'e wike of sokswat). En dat mids in oséaan fan Hollânsk, dy't it driget te oerspielen.

De taal moat 'geregeld' goed brûkt wurde de hiele skoalle troch yn in ferskaat oan libbensechte situaasjes, sadat der genôch identifikaasjemooglikheden foar it bern ûntstean. Dat is allinne mar mooglik as eltse klasseûnderwizer *sels* noed stiet foar de (fryske) taalopfieding fan it bern. Foar it Hollânsk wikselje wy dochs ek net fan klasse-ûnderwizer? Allinne sa kin it yntegratyf brûken fan it Frysk (bûten it Frysk as fak) ta syn rjocht komme.

Dêrom liket it ús ek fan tige grut belang dat fan in skoalle *alle* ûnderwizers (dy't gjin foldwaande foech hawwe) meidogge oan de applikaasje-kursus of de L.U.-akte Frysk helje.

As wy wat dwaan wolle oan it ynterferinsje-probleem sille wy hjir net foar wei kinne.  
In oare kear mear dêr oer.

Thom Dykstra  
Sytze T. Hiemstra

### Noaten:

- 1) B. Sjölin, "Min Frysk": een onderzoek naar het ontstaan van transfer en "code-switching" in het gesproken Fries. Amsterdam, Noord-Hollandsche Uitgevers Maatschappij, 1976. Bijdragen en mededelingen der dialecten-commissie van de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen te Amsterdam, L.
- 2) Sj. S. J. van der Molen, 'Libbet it Boerefrysk noch' en 'Min Frysk oer taelbidjêr'. *Leeuwarder Courant*, 15 jan. 1977.
- 3) Resp. yn 'De Pompeblêden' fan 26 maart 1977 en 23 april 1977.
- 4) A. Feitsma, "Min Frysk". *Leeuwarder Courant*, 20 jan. 1977.
- 5) Th. Dykstra en S. T. Hiemstra, *Schooltypen en interferentieproblematiek bij van huis uit friestalige kinderen: Een toetsingsonderzoek naar de invloed van de taligheid van de school op het vóorkomen van morfologische interferenties bij van huis uit friestalige kinderen op het homogeen friestalg platteland*. S.p., maart 1977, bls. 83-92. Yn te sjen op de Prov. Bibliotheek fan Fryslân.
- 6) *Ib.*, bls. 92-96.
- 7) Sjoch oer it ynterferinsje-probleem benammen: K. Boelens e.o., *Twataligens*. Ljouwert, Algemiene Fryske Underrjocht Kommissje, 1973, bls. 46-63, 65.
- 8) K. Boelens, 'Skoalmodellen fergelike op útkomsten fan Frysk ûnderwiis'. *De Pompeblêden*, 20 aug. 1977, bls. 134.
- 9) Sjoch D. A. Tamminga, *Op 'e taelhelling, dl. I en II*. Boalsert, Osinga, 1963 en 1973, passim. Ek: J. K. Dykstra, *Op 't aljemint*. Drachten, Laverman, 1961. By kollega's en saakkundigen fregen wy nei it fóarkommen by skoalbern.